

KRYSTNACHT 2006 HEGEBEINTUM

Gemeente fan de Hear,

Yn dizze nacht fiere wy de berte fan it ljocht yn dizze wrâld.
2000 jier lyn en it skynt noch alle dagen.
Dat makket ús tankber en bliid.

Want yn dy twatûzen jier is der net ien dei west dat der gjin ferlet wie fan it ljocht fan God.
De wrâld is tsjuster, it libben foar de measte minsken swier.

It is in mystery en in grut wûnder dat God besletten hat om minske te wurden, om tusken ús yn te wenjen, om mei ús mei te rinnen, om ús te dragen en ús libben te behâlden.

Dat is it feest fan de Krystnacht, dat God grutte leafde jowt oan it minskdom.

De fraach oan ús gewisse is fansels: Hoe ûntfange wy Gods leafde en Gods ljocht? Wat dogge wy mei dy himelske jefte? Hoe is yn ús libben te sjen, dat wy tichtby dy God fan leafde libje?

Om in antwurd te jaan op dy fraach moatte wy ús libben krytysk foar it ljocht hâlde. Yn dizze nacht moatte wy de kâns grype om de boekhâlding op te meitsjen oer ús persoanlike libben. Wat haw ik dien yn myn libben mei de leafde? Wer haw ik ljocht brocht? Wer bin myn goede bedoelingen misleare? En hoe sjoch ik myn takomst?

It meast populaire liet fan de Krystnacht is fansels "Stille nacht, heilige nacht" en yn it Hollâns is de twadde rigel: "Vrede en heil wordt gebracht".

En yn dy rigel sit it geheim fan de wurking fan Gods leafde.
It liet seit: Frede moat brocht wurde.
En dan giet it my om dat wurkwurd: Bringe.
Yn dat wurkwurd leare wy hoe't wy it oanpakke moatte.

Al dy jeften dy't wy fan God krije: Frede, leafde, ljocht, freugde. Se moatte brocht wurde. Troch ús. Alle dagen.
En foar dat bringen is it needsaaklik dat wy elkoar moetsje.

Frede en freugde bringe oan de meiminske dat slagget ús net fia de e-mail, it slagget ek net fia de chatbox. In tillefoanpetear is al better en in brief sit ek op it goede paad, mar einliks moat frede brocht wurde, fan minsk ta minsk. Der is moeting foar needich, derfoar moatte wy elkoar yn de eachen sjen.

Dit is in opdracht dy't wy yn dizze Krystnacht wer opnij oppakke meie. En der hannen en fuotten oan jaan.

Sykje de moeting mei in meiminske. En doch dat by dyn leafsten, mar ek by ûnbekinden, dy't God op dyn paad bringt.

Ik sil de lêste wêze dy't seit dat dit maklik is.

Ik gean ek wolris in moeting út'e wei, om't ik der gjin sin yn haw.

Lêsten kriich ik in útnoeging fan in famyljelid fan my, der't ik net graach oer de flier kom. Ik wie wolkom op en jierdei. Mar ik hie der wier gjin sin oan, der is safolle misroun tusken ús, en ik woe der net hinne, dat ik haw in kaartsje stjoerd.

Haw ik der goed oan dyn? Einliks net, tink ik.

Einliks hie ik oer de drompel stappe moatte. Misskien wol in bytsje de minste wêze, sa't ;us heit altyd sei. En dan der mar op ta, mei Gods goede help.

Dit soarte fan beslissings reitsje altyd wer oan ús gewisse, en hieltiid steane wy foar de útdaging: Gean ik op myn meiminske ta, of gean ik har útewei.

Ik sil net sizze dat it maklik is.

Mar de opdracht leit der. Foar ús allegear.

As wy freed, freugde, heil en leafde hannen en fuotten jaan wolle, dan moatte wy se bringe.

Dizze nacht is ek in heege opdracht oan de folken en regearingen fan dizze wrâld.

Sjoch mar nei de frede. Dy is fier te sykjen.

Der wurd wol in protte oer praten, der wurde fredesakkoorden sletten, der wurde moosjes oannommen, der wurde goede foarnimmens útsprutsen, mar dan. Dan brekt it de folken by de hannen ôf. Neam de foarbylden mar op: Irak, Darfur, Israël.

Frede moat brocht wurde. Mar as it op dieden oankomt, dan sjitte folken en regearingen tekoart.

En oan de iene kant leit dit alles bûten ús macht, mar oan de oare kant hawwe wy as tsjerke hieltiid de plicht om folken en regearingen op harren ferantwurdelikens te wizen.

Derom moatte de brieven fan Amnesty hieltiid opnij troch ús skriuwn wurde.

Derom moatte wy ek as tsjerkemienskip de protestflage omheech stekke, as ûnrjocht net tsjingien wurd.

Derom moatte wy it gebed geande hâlde om frede en heil foar alle minsken. Want it gebed is in sterk wapen foar it Keninkryk.

Dizze Krystnacht mei ús derom ta aksje oansette. Dizze Krystnacht, mei alle ljochtjes en mei alle leave ferhalen, moat ús wekker skodzje út ús luie individualisme.

Lit ús dizze opdracht oannimme gemeente. En net daliks sizze: Dat kin ik net, nee, begjin deroan, begjin lyts, begjin tichtby hûs. Bring frede en heil oan dyn neisten. Meitsje yn elts gefal in begjin. God sjocht it graach.

Krystnacht is ek altyd in bytsje sentimenteel. It jier is hast ferby, wy sjogge werom op wat west hat. En om us hinne sjogge wy de romantyk fan Kryst, it dromerige. En dat heart der ek by.

Want wa't de dream kwyd is, dy is de takomst bjuster.

Mar yn tsjerke meie wy ús wol ôffreegje: WER dreame wy fan?

Dreame wy fan it ierdske of fan it himelske keninkryk?

Dreame wy fan it ferline of duorre wy ek foarút te sjen?

Dreame wy angstdreamen of dreamen fan hope en ferlangen?

Dy fragen freegje yn dizze nacht om in antwurd fan ús persoanlik.

Derby winskje ik jim in alle segen ta. En dat wy yn ús persoanlik libben in begeanber paad fyne meie yn it ljocht fan de Hear en ûnder de segen fan God.

Dit is it bliid boadskip fan dizze nacht.

Yn de namme fan de Heit, de Soan en de Hilliche Geast.
AMEN

GEBEDEN

Hear, God, wy tankje Jo
dat Jo ús fannacht op'e hichte bringe
fan jo Leafde yn Jezus Kristus.
Wy sizze Jo ta, dat wy Him folgje al ús libbensdagen
en dat wy Jo Namme altyd heechhâlde.

Wy tankje Jo dat leafde en hoop
ljocht bringe yn dizze tsjustere wrâld.
Wy tankje Jo foar de fuotten dy't frede bringe yn fremde lannen.
Foar de hannen en eagen dy't help bringe oan sike minsken tankje wy Jo.
En foar alle wurken fan barmhertichens dy't yn jo Namme dien wurde.

Wy tankje Jo foar dizze âlde terp en tsjerke
der't ús yn't sin brocht wurd werom wy libje en stjerre.
Nim ús tank oan, Jo dy't troch Jezus Kristus ferjowing bringt
in himelsk generaal pardon, foar alle minsken.

Joun bidde wy foar de minsken dy't ús lân bestjoere,
foar de regearing en it parlement.
Dat se net licht tinke fan Jo Wurd
en ljocht bringe yn ús maatskippij.

Sa bidde wy: Heare ús God, wy

Joun bidde wy foar ljochtbringers oar hiel de wrâld,
dokters sûnder grinzen, Warchild, Amnesty International,
de Feriene Naaasjes, en al dy oare leave minsken
dy't de hannen úttstekke foar in bettere wrâld
en dy't har beskikber stelle yn it spoor fan Jezus.

Sa bidde wy: Heare ús God, wy

Joun bidde wy foar wa't gjin ûnderdak hat,
foar in swerver, foar in ferslaafde, foar in ferlerne siel,
foar dy jonge dy't it thús net fine kin,
foar dat famke dat net mear libje wol,
foar wa't dizze Krystdagen ferskriklik fine en swier.

Sa bidde wy: Heare ús God, wy

Joun bidde wy foar ús neisten, foar ús bern,
dat se duorre te libjen yn jo ljocht,
foar ús leafsten, dat se sparre bliuwe meie foar gefaren
en foar ús freonen, dy't ús opheine as wy it net mear witte
en foar ús fertrouwden, dy't trou bliuwe hoe dan ek.

Sa bidde wy: Heare ús God, wy

Joun bidde wy foar de meast kwetsberen yn ús maatskippij,
de minsken sûnder paspoort, dy't hoopje,
de sike en ferswakte minsken, dy't net mear sjoen wurde
foar de sielen fol fertriet, dy't longerje nei treast en útsjoch.

Sa bidde wy: Heare ús God, wy

Mei dizze nacht jo beskerming oer ús wêze,
dat wy yn frede sliepe kinne
en mei moed de nije dei begjinne
en it Feest fiere.

Wy bidde dit Hear God,
net út fertsjinsten, mar út genede
en yn de namme fan Jezus ús Hear
dy't ús sa leart te bidden:

US HEIT

H. J. Gauntlett (1805-76)

The musical score is written for two voices, Treble and Bass, in a key of one flat (B-flat major or D minor). It consists of four systems of staves. The first system has a treble staff with a key signature change from one flat to two flats (B-flat major to D minor) and a bass staff. The second system continues with both staves. The third system also continues with both staves. The fourth system features a treble staff with two asterisks (*) above the first and last measures, indicating a repeat or a specific performance instruction, and a bass staff. The notation includes various note values, rests, and bar lines.

Krystnacht 2006 Hegebeintum

1

Yn de skimer fan de jûntiid,
as it sinneljocht ferdwynt,
stiet in widze foar in jonkje,
dat de wrâld de takomst wiist.
Soan fan God, Marijes bern,
kommen om ús by te stean.

2

Dizze nacht is swier fan frede
en fan swiete Ing'lesang.
God komt ús hjir tichtebye.
Dizze nacht is net salang,
want Gods heil komt foar it ljocht,
Hy hat hjoed wer oan ús tocht.

3

Lit ús sjonge fan Gods leafde
dy't foargoed oermachtig is.
Dizze wrâld ferlern yn skulden
skriemt syn triennen fan gemis;
Jezus is de Treaster dy't
dan yn ús fermidden is.

4

Ljocht fan God, kom yn ús libben,
bring de minsken lok en sein'.
Lit de folken 't boadskip witte:
't Keninkryk is sûnder ein.
Gloria, yn dizze nacht
hâld de Hear oer ús de wacht.

Melody: H. J. Gauntlett (1805 –
1876)

Tekst: Ulbe Tjallingii